

FRYSLÂN *yn*  
*de* GOUDEN  
IUW

*Opfettingen ✨ Ideeën ✨ Ferbylding*

PHILIPPUS BREUKER

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:

Stichting FB Oranjewoud  
Stichting het Old Burger Weeshuis  
Provinsje Fryslân  
Ottema-Kingma Stichting



© 2022 Philippus Breuker | útjouwerij Bornmeer

FOARMJOUWING Barbara Jonkers  
OMSLACHBYLD Foarside: In jonge patrisiër út in geleard geslacht: Hector van Bouricius, sân jier âld en skildere yn 1599. Taskreaun oan Hans de Clercq.  
Efterside: Stedsbyld Ljouwert, rommelmerk de Brol, ± 1650, unbekinde skilder.

ISBN 978 90 5615 911 5  
NUR 524 | 685

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

De útjouwerij hat der nei stribbe de rjochten fan it byldmateriaal yn dizze útjefte nei te gean. Dyjingen dy't nettsjinsteande miene dochs rjochten jilde litte te kinnen, wurdt fersocht kontakt op te nimmen mei útjouwerij Bornmeer.

Bornmeer is in ymprint fan  
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)

## YNHÂLD

- 11 WURD FOARÔF
- 12 YNLIEDING

## 17 I FRYSLÂN

### 17 EKONOMYSKE SITUAASJE

Ynwennertal — 17

Wolfeart — 22

Fryske útjouwers — 32

### 38 POLITYK EN BESTJOER

Tige demokratysk? — 38

Hienen hierboeren stimrjocht? — 39

Plak yn de Uny — 42

De ynterne bestjoerlike organisaasje — 46

Problemen — 49

De oarloch — 49

Konfliktstof — 57

In nij begjin — 57

Oanhâldende problemen — 65

*Kûpjen en keapjen* — 71

Feroarjende ynterne krêftsferhâldingen — 77

De opkomst fan it patrisiaat — 81

Boargerij — 83

### 85 KALVINISME

Tsjerke en steat — 85

De groei nei in folkstsjerke — 98

Piëtisme — 101

### 104 DE FRJENTSJERTER AKADEMY

### 110 KULTUER

- It hiele Fryske folk** — 110
- De oarsprongsmyte: Friso — 110
  - In keningsfolk: Redbad en Ronixa — 112
  - In gastfrij folk: de âlde Fryske boer, de drinkhoarn en de Fryske petiele — 115
- It steedhâlderlik hof** — 121
- It 'ûnfryske' fan it hof — 121
  - Omfang en gearstalling fan it hof — 123
  - Militêren, hynders en muzyk — 134
  - Presintaasje — 140
  - Keunst en wittenskip — 148
  - It hûs sels* — 148
  - Leden* — 152
  - Utfieringen* — 156
- Adel en patrisiaat** — 160
- De jacht — 161
  - Froulike keunstners yn it sirkwy fan Frysk-Grinzer regintefamyljes — 166
- Boargerij** — 182
- Wat der lêzen waard — 182
  - Leafhawwers fan wis- en stjerrekunde — 189
  - De akademyske oplieding* — 190
  - Boereprofessoaren of 'const'-leafhawwers* — 195
  - Muzyklibben — 204

## 214 **II** STÚDZJE FAN DE FRYSKJE SKIEDNIS

- 219 **LEUVEN, YN DE LETTERE 16<sup>DE</sup> IUW  
IN KWEEKPLAK FAN FRYSK NASJONALISME**
- It Fryske Leuven — 220
  - De ynfloed fan Viglius en Hopperus op Suffridus Petrus en oare Friezen — 223
- 230 **HURD OM HURD**
- Suffridus Petrus (1527-1597) — 230
  - Oriïntaasje yn syn wurk — 232

De lânskipsskiedskriuwer — 237  
De auteur fan de *CRONIICKE ENDE WARACHTIGE  
BESCHRYVINGHE VAN VRIESLANT* — 241  
De drukte *CRONIICKE*, in boek foar in breed publyk — 244  
Cornelis Kempius (ca. 1520-1589) — 245  
Martinus Hamconius (1545?-1617?) — 247  
Bernardus Furmerius (1542-1616) — 253  
Ubbo Emmius (1547-1625) — 255  
    De oanfal op syn foargongers — 257  
    Relativearring fan syn krityk — 264

268 **SKIEDSKRIUWING OP FERSYK  
FAN DE STEEDHÂLDER**

Everardus van Reyd (1550-1602) — 268  
Johan van den Sande (1568-1638) — 270

274 **DE FOLTÔGERS, WINSEMIUS EN SCHOTANUS**

Pier Winsemius (1586-1644) — 276  
    De boarnen fan de *CHRONIQUE* — 280  
    Ald en adellik — 284  
    De yllustraasjes yn de *CHRONIQUE* — 286  
Christianus Schotanus (1603-1671) — 291  
    In trijetrepsraket — 293  
    De boarnen — 297  
    Politike wjerstân — 300  
    Schotanus syn fyzje op de Fryske skiednis — 303  
    *In polityk net mear winske fyzje?* — 308

310 **SIMON ABBES GABBEMA (1628-1688)**

Libben — 311  
    It Ljouwerter fermidden — 318  
    *Yn de herberch* — 319  
    *Yn de Ljouwerter kulturele wrâld* — 321  
Skiednisstúdzje — 328  
    *VERHAAL VAN LEEUWAARDEN*, 1654-1659 — 328  
    Sammeljen fan Aldfrysk, 1659-1661 — 331  
    Utjefte fan brieven, 1661-1663 — 334  
    Nei 1663 — 336

- 338 JOHANNES HILARIDES (1649-1725)  
Libben en wurk — 338  
In skiednis fan Fryslân — 345

### 347 **III** STÚDZJE FAN IT FRYSK

347 IT BEGJIN

350 SIBRANDUS SICCAM (1571-1622)

354 JUNIUS, VLITIUS EN MARSHALL

359 SIMON ABBES GABBEMA

370 JOHANNES HILARIDES

It Hylpersk — 370

It Frysk — 373

380 SPREKWURDEN

Meitsjen, sammeljen en besoargjen — 380

1614 — 380

1641 — 383

Stúdzje — 385

Junius en Vlitius — 385

Gabbema — 387

Hilarides — 391

### 393 **IV** LITERATUER

393 DE TAAL FAN DE LITERATUER YN FRYSLÂN

396 IT BEGJIN FAN METRYSKE LITERATUER  
YN IT FRYSK EN IT NEDERLÂNSK

Yn rederikersferbân — 397

De trochbraak mei Wellens, Olivier van Zonhoven en  
letter ek Starter yn *T'VERMAECK* — 399

- 406 **GELEGENHEIDSDICHTEN**  
 Frysktalige gelegenheidsdichten — 411  
 Roudichten — 412
- 416 **ALMENAKKEN**  
 Prognostikaasjes — 419  
 Stjerrekundige polemyk as fermeits — 428
- 439 **INKELE SKRIUWERS APART**  
 Neolatinisten — 439  
 Johan van Hichtum (ca. 1560-1628) — 443  
 Jan Jans Starter (1593/4-1626) — 445  
 Libben — 446  
 Literêr wurk — 456  
*Liryk* — 456  
*Toaniel* — 457  
*Satire* — 460  
 It literêre publyk — 461  
 Fryslân-Hollân — 464  
 Dirck Rafaels Camphuysen (1586-1627) — 467  
 Petrus Baardt (ca. 1587-1644) — 469  
 Libben — 470  
 Lofsjonger fan de jonge Republyk — 474  
 Satirikus — 476  
 Petrus Geestdorp (1607/8-1646) — 482  
 Haring van Harinxma (1604-1669) — 487  
 Gysbert Japix (1602/3-1669) — 491  
 Libben en wurk — 492  
 Datearringen — 496  
*'Ljeafde gjealpe' en oare leafdesklachten* — 497  
*Personêle vertôninge der vier getijden des Jaers* — 501  
 Wizen út boeken: oer Gysbert Japix syn lieten — 502  
*Earder ûndersyk* — 503  
*Gjin wize wis sûnder teksten* — 505  
*Starter, Friesche Lust-hof* — 507  
*Camphuysen, Stichtelycke rijmen* — 507  
*Pers, BELLEROPHON* — 511  
*AMSTERDAMSCHE PEGASUS* — 513  
*'T AMSTELDAMS MINNE-BEECKIE?* — 514  
*Beslút* — 515

Herders njue, to Pales —	515
Op 't musyck-sjongen —	519
'Tjesck-Moars see-ængste': in útbylding fan it sublime —	520
<i>Histoaryske ûntjouwing fan de wurdearring</i> —	520
<i>Oare moraal of oare estetyk?</i> —	522
<i>As in sublym wjerfarren útbylde</i> —	523
<b>Sixtus Brunsvelt (1635-1683) —</b>	<b>524</b>
<b>Simon Abbes Gabbema —</b>	<b>526</b>
Latyn —	527
Leafdespoëzy —	528
De episoade Hoeckstra as treurich beslút —	536

543	NEIBESKÔGING
549	NOATEN
615	FERANTWURDING FAN DE YLLUSTRASJES
619	REGISTER OP PERSOANSNAMMEN



## WURD FOARÔF

Nei mear as tritich jier kear ik noch in kear werom nei de Fryske kultuer fan de santjinde iuw. Doe gong it oer Gysbert Japix, no oer wat Fryslân yn polityk, wittenskip en literatuer ûnderskiedt. Yn beide gefallen stiet de ôfhinklikheid tusken hege kultuer en de ideeën dy't yn de maatskippij libben sintraal.<sup>1</sup> En ek no wer skriuw ik it boek yn it Frysk. Minder as yn 1989 by Gysbert Japix ha ik der noch fertrouwen yn dat it Frysk taal fan wittenskip wêze kin, mar ik woe net mei de broaze tradysje brekke.

Falt der noch wat nijs oer de kultuer fan Fryslân te sizzen? Oer Fryslân yn de Gouden Iuw is al in soad skreaun, ek yn de lêste desennia. Brânpunten fan ûndersyk binne de histoaryske ôfdieling fan de Ryksuniversiteit fan Grins, Tresoar en ek de Fryske Akademy, mar likegoed soenen oaren te neamen wêze, út Fryslân sels, út de rest fan Nederlân en ek út it bûtenlân. De Gouden Iuw is noch altyd in yntrigearjend stúdzje-objekt mei in soad maatskiplike relevânsje. Boeken binne der ûnder al dy stúdzjes lykwols net folle. Se behannelje ek meast dielaspekten en oer it ûnderskiedende fan Fryslân is eins neat.

My giet it net om it gearfetsjen fan besteande literatuer: ik wol in oersjoch jaan, dat út de grûn wei opboud is en mei syn netwurken de sosjale en maatskiplike kontekst rekonstruearret. Dat is wat oars as in skiednis dy't ophongen wurdt oan al of net hypotetisearre algemiene konsepten.

Myn tank giet út nei in soad minsken. Ik neam har op it plak dêr't ik har ynljochtingen brûkt ha. Hjir wol ik nochris apart neame Willem op 't Hof en Rolf Bremmer. Beide ha ik al mannich kear wat oan te tankjen hân, en ek no ha ik dat wer. Fruchtber wie ek it oerlis oer Frysk-Grinzer relaasjes mei Redmer Alma. Tank bring ik fierder oan Liuwe Westra en Sent Marks, dy't mannich Latynsk en de earste inkeld ek in Gryksk fragmint fertaald hawwe, en oan Martin Engels, dy't mei syn ûnútputlike en iepenbier tagonklike dokumintaasje oer geleard en bestjoerlik Fryslân it ûndersyk nei santjinde-iuwsk Fryslân dochs al sa ferlichtet. Yme Kuiper komt tank ta foar de nuttige gedachtewikseling oer de ein fan de bloei, dêr't wy net alhiel gelyk oer tinke. Myn tank giet net yn it lêste plak út nei Bert Looper fan Tresoar, dy't him mei ynspand hat om de finansiering fan it boek rûn te krijen; fierder foaral ek nei de subsydzjefjouwers, en útsoarte nei útjouwer Steven Sterk, dy't de útjefte op syn noed nimme woe.

De kopij – ta beslút – is ein 2020 ôfsletten.

Boazum, juny 2022

## YNLIEDING

Ik ha twivele oft ik dit boek *De Gouden Iuw yn Fryslân* neame soe of *Fryslân yn de Gouden Iuw*. As it útgong by de fraach wat sintraal stiet, de Gouden Iuw of Fryslân, dan wie de earste titel better, mar it hiele boek giet oer Fryslân, dat is te sizzen oer it gewest sels en oer de stúdzje fan syn skiednis en taal en oer syn letterkunde. Dêrom ha ik foar dy twadde titel keazen. Wol beskriu ik de dingen yn har ûntjouwing, mar de Gouden Iuw mei syn oarsprong yn wrâldeconomy en koloniale ekspânsje gean ik net op yn en de tiid is ek mar ien fan de faktoaren dy't it karakter fan it Fryslân fan doe beskaat hat. Fryslân hat fan de Gouden Iuw meiprofitearre en der ek ta bydroegen, mar de Gouden Iuw is net Frysk. Dy tanket syn bestean oan Hollân en yn it bysûnder oan Amsterdam. Fryslân wie gjin stedske mienskip.

De Gouden Iuw yn Fryslân is net los te sjen fan rivaliteit mei Hollân. Twafyfte part fan de befolking fan de Republyk wenne yn de Gouden Iuw yn Hollân en sûnt 1616 betelle it 58,3% fan de generaliteitslêsten. Fryslân wie mei 11,7% op ôfstân twadde. Fryslân wie al iuwen lang in gewest yn de periphery. Dy *underdog*-posysje hie altyd al oanfitere ta rivaliteit en twongen ta it sykjen fan in eigen identiteit. No, yn de Gouden Iuw, wie lykwols de kontekst oars wurden. Net langer koe it mear gean om it koesterjen fan de yllúzje dat Fryslân in grutheid op himsels wie, mar no draaide it derom, om mei elkoar, mei syn sânen as selsstannige gewesten, in nije steat op te bouwen. Dat makket de Gouden Iuw just sa bysûnder. Elk woe him fan syn bêste kant sjen litte, en seker it waniverige en grutske Fryslân.

De Gouden Iuw hat gjin iuw lang duorre, want safolle goud wie it al dy hûndert jier net, mar ik nim him yn dit boek dochs mar foar in iuw. As begjinjier ha ik 1585 keazen, omdat doe de wolfeart al sa dúdlik sichtber wie, dy't de iuw syn namme jûn hat. Der is mear as ien reden ta om mei 1585 te begjinnen. De tachtich jier duorjende oarloch spile him op in ynfal fan de Spaansken yn 1586 nei en de hinne-en-wergeande striid om de stêd Grins fan in pear jier letter doe al bûten Fryslân ôf, de grutte feroaringen op polityk en religieus gebiet fan om 1580 hinne hienen har foarm al fûn en de Frjentsjerter Akademy waard yn dat jier oprjochte. 1685 is krekt in iuw letter en dêrom gaadlik as einpunt, mar foaral, omdat nei de feroaringen yn 1672 de bestjoersferhâldingen yn Fryslân har nije lykwicht doe wol fûn hienen.

Dit ûndersyk is derop rjochte om it ûnderskiedende fan Fryslân yn de Gouden Iuw op te spoaren. Dêrby lit ik ekonomy en wolfeart net gewurde, mar sintraal steane dochs ideeën, opfettingen en ferbylding. It giet my derom, nei te gean hoe't it ûnderskiedende ûntstean en bestean koe, wat – mei oare wurden – de faktoaren west hawwe dy't Fryslân oars makken as oare gewesten. Dat Fryske wurdt fansels net yn isolemint besjoen. Altyd wie de stúdzje fan it Frysk part fan de ynternasjonale geleardekultuer en de literatuer en de stúdzje fan de Fryske skiednis rûnen parallel mei ûntjouwingsen yn folle rommer ferbân.

Ik ha my mei ynbegryp fan dy bredere ynkadering lykwols bepaald ta in analyse fan de situaasje yn Fryslân sels. It bysûndere wurdt dan wol it dúdlikst sichtber yn de ferliking mei oaren, mar dan moat dat bysûndere earst wol skerpe en betroubere kontoeren krije, en safier is it mei it ûndersyk nei Fryslân as gehiel noch net – as it al ea safier komt. Wol ferlykje ik op konkrete punten fansels mei oare gewesten, yn it bysûnder mei Hollân.

Yn syn oandacht foar it ûnderskiedende fan Fryslân, liket it boek op Wumkes syn *Paden fen Fryslân* en oar wurk fan him. Wumkes giet yn de lytse opstellen dy't karakteristyk foar de foarm fan dat wurk binne, lykwols selden fierder as dokumintearjen, al ropt er wol in byld fan Fryslân op. Oars is dat mei J.J. Kalma syn *Om Gysbert Japiks hinne. Fryslân yn de XVII-de Iuw* (1963). Dat berêst op in útputtende kennis fan de literatuer út de tiid sels en ropt dochs gjin byld fan Fryslân op.

Om it ûnderskiedende yn byld te krijen is bûten in relevante fraachstelling in problematisearjende beskriuwing nedich, dêr't net yn ferteld wurdt wat de feiten binne, mar neigongen wurdt oft se wol bestienen en yn it bysûnder wêrom dan. Foarsafier't it by dy feiten om minsken giet, wurdt dat 'wêrom' sichtber oan de kant dy't yn konflikten keazen waard. Dêr kinne dan ideeën en opfettingen út blike. Feiten allinnich jouwe gjin ûnderskieding. Dat nimt net wei dat se likegoed nedich binne. Se soargje derfoar dat in boek ynhâld krijt. Ik ha se altyd opsocht, sa folle as ik koe, ek út argiven. Foar biografyske gegevens wie *De Heeren van den Raede* (1999) mei syn biografyen fan riedshearen faak in goed begjin. It webstee fan Martin Engels is al neamd.

In hypoteze bin ik net fan útgongen, noch ha ik my liede litten troch in foaropset idee oer de aard yn it algemien fan de Gouden Iuw yn Fryslân. Ik ha derop fertroud, dat in fyzje ûnder it útwurkjen wol ûntstiet, as it problematisearjende fan de beskriuwing tegearre mei it grutte ferskaat oan dielgebieten en stof, syn wurk dien hat om ta betroubere en kontrolearbere útkomsten te reitsjen. By Wumkes mankearret it dêr wolris oan. Hy giet út

fan in suver autonome Fryske geast. Syn tinkwize komt goed út yn it grif op Joast Halbertsma basearre idee fan

de Fryske foltsiele, dy't him yn in man as master Gysbert sa suver wearkeatst, dat hy der it symboal fen wêze kin.<sup>2</sup>

It boek bestiet út twa parten. It earste (I) giet oer it Fryslân fan doe, it oare (II, III, IV) oer inkele spesifike ferskiningsfoarmen fan ideeën, opfettingen en ferbylding. It Fryske fan Fryslân as gehiel beskriu ik yn it earste plak troch te sjen nei de struktuer fan de macht. Macht is in kwestje fan polityk. Macht en gesach berêsten yn de Gouden Iuw by de oerheden. Dat wienen foar de Republyk de Steaten-Generaal en foar de provinsje de Steaten. By de provinsje komme dêr noch oaren by. Delegearre macht, lykas fan de admiraliteiten, lit ik bûten beskôging. By de analyze fan de macht ha ik hieltyd in skerp each foar de spanningen en de feroarjende ferhâldingen. Yn it twadde plak sjoch ik nei wat der oan ideeën, opfettingen en ferbylding libbe. Dy komme behalve yn de polityk ek út yn leauwe en wittenskip. En ta beslút gean ik nei hoe't Fryslân himsels seach en de ûnderskate stannen harsels presintearren.

As spesifike ferskiningsfoarmen fan de Fryske kultuer besjoch ik yn it twadde part de stúdzje fan skiednis en taal en de uteringen yn literatuer. Dat doch ik troch se te besprekken yn har relaasje ta de maatskippij of in oare rûnte dêr't se yn funksjonearren. By persoanen is hieltyd socht nei har freonen en goeie kunden, ek yn it part oer Fryslân as gehiel. Sûnder kontekstuele ynkadering bliuwe ferskiningsfoarmen en persoanen maklik sweven, al is it oan de oare kant de keunst om ek dwers troch alle tiidseleminaten en netwurken hinne troch te kringen ta wat it karakteristike is. Dizze oanpak hat gauris laat ta oare ynsjoggen, sels op elemintêre punten. Oan de ein fan it boek sil ik besykje ta in konklúzje te kommen oer de fraach wat Fryslân yn de Gouden Iuw foar in begryp wie.

Oant safier oer de oanpak. Wat de ynhâld oangiet, begjin ik mei Fryslân as gehiel. Nei in skets fan de wolfeart gean ik yn op aspekten fan polityk en bestjoer. Earst wiis ik it idee ôf dat Fryslân sa demokratysk wie. Dan beskriu ik oan de hân fan de operearjende machtsynstânsjes yn de Republyk en yn Fryslân sels, saken as it plak yn de Uny en de ynterne konflikten. Dy ynstânsjes wienen op it nivo fan de Republyk de Steaten-Generaal, de Rie fan Steate en de steedhâlder fan de Oranjes yn Den Haag, en yn Fryslân de Steaten, de eigen steedhâlder en it gerjochtshôf en op leger nivo de stêden en gritenijen. Dan gean ik – ek wer yn relaasje ta de politike macht – yn op de religieuze ûntjouwingen en op de trekken fan it kalvinisme, dat is it

leauwe dat de oerheden sûnt 1580 befoarden en hanthavenen. Dat doch ik ek mei de beide dan noch folgjende tema's, de Frjentsjerter Akademy en de kultuer. It Fryske karakter fan de Akademy besjoch ik foaral troch nei te gean hoe sterk oft de binning fan de heechleararen oan de eigen universiteit wie. By de kultuer meitsje ik ûnderskied tusken dy fan it hiele folk en dy fan de trije troch stân bepaalde groepearingen fan steedhâlderlik hof, adel en patrisiaat, en boargerij. It naasjebesef yn dy groepen krijt hieltyd it measte omtinken. Dat wie gjin eksklusyf Frysk-nasjonaal besef, hoe sterk oft it oars ek wie en hoe'n bynmiddel tusken de stannen, want der bestie in dûbele loyaliteit. Fryslân en de Republyk telden beide mei. It is ien fan de spanningsfjilden yn de Fryske mentaliteit fan de Gouden Iuw. Frysk en Fryslân wienen gjin doel op harsels, mar de opbou fan beide stie yn tsjinst fan de opbou fan de Republyk.

Op dit earste part fan it boek folget it twadde mei stikken oer de historiografy fan Fryslân, de stúdzje fan it Frysk en oer de literatuer, alle trije fan de tiid sels. Taal, om dêrmei te begjinnen, wie yn de santjinde iuw noch mar in betreklik marzjinale saak, ek yn it ûndersyk. It Frysk wie de taal fan it plattelân, it Nederlânsk – net oars as yn oare gewesten – de fiertaal fan de oerheid en de reginten en Latyn en Frânsk hienen ek har plak. Wat makke dat ûndersikers dochs niget oan it Frysk hienen, wie de oertsjûging dat it in hiel âlde taal wie.

Dat marzjinale fan taal gou foar it Frysk yn it bysûnder ek noch, omdat it eigentiidske Frysk mar as boersk beskôge waard. Dêrom is it fansels opmerklik, dat der dochs yn it Frysk skreaun waard, al is dat allinnich yn de literatuer.

De Frysktalige literatuer sil ik út soarte yn it bysûnder oandacht oan jaan. Latyn en Nederlânsk waard yn Fryslân folle mear yn skreaun en dy krije uteraard ek alle omtinken. Dêrsûnder soe de Frysktalige literatuer trouwens ek net te begripen wêze. In oare kant dêr't ik by de literatuer nei sjoch, is de ferhâlding fan literatuer ta de hearskjende opfettingen op ideologysk gebiet, oft se dy no wjerspegelet, stipet of just bestriidt. De typysk estetyske kant gean ik minder op yn.

En dan is der noch de historiografy, it ûnderwerp dat krekt yn de Gouden Iuw in grutte bloei kend hat, ek yn Fryslân. Mienskiplik by alle skriuwers is wer it naasjebesef. It idee dat yn Fryslân mear as allinnich in âlde taal ek in âlde en oarspronklike kultuer bewarre wie, libbe yn de Gouden Iuw wakker. Ek by de behanneling fan de fyzje op de Fryske skiednis stiet de ferhâlding ta de polityk sintraal. Skriuwers namen ûngelikense politike stânpunten yn en bestrieden elkoar soms fûl. Se hienen elk har eigen byld fan Fryslân. Ynstânsjes as de steedhâlder en de Steaten blike boppedat it

nedige dien te hawwen om de skiednis fanút har eigen stânpunt beskriuwe of publisearje te litten.

Dizze opset liedt derta dat yn dit twadde part navenant in soad oandacht útgiet nei Gabbema en Hilarides, dy't mear as wa oars ek, har yn har stúdzje op Fryslân rjochten en beide op alle trije terreinen fan taal, literatuer en skiednis warber wienen. Ut har hâlding blykt hoe't it Fryske yn har tiid libbe, wat op himsels al in rjochtfeardiging fan har behanneling is, mar dêr komt noch by dat it gefal fan Gabbema ek sjen lit hoe Frysk oft it krekt yn syn tiid wol net wie en dat fan Hilarides, hoe grut de teloarstelling, dat Fryslân eins dochs hast yn it neat foel by de superioriteit fan Hollân.

# I

# FRYSLÂN



Yn dit haadstik giet it derom in byld te jaan fan it Fryslân yn de Gouden Iuw as gehiel. Om dat Fryslân yn byld te krijen, gean ik nei hoe't de machtsferhâldingen leinen en ferskoden en wat de stannen wienen. Dêrmei ûntstiet in basis foar de oardering fan de beskriuwing op it gebiet fan de kultuer. De oare dielgebieten binne wittenskip en tsjerke. Foarôf geane in rekonstruksje fan it ynwennertal en de wolfeart.

## EKONOMYSKE SITUAASJE

Om in goed begryp te krijen fan de wolfeart yn Fryslân is it goed te witten wat de ekonomyske draachkrêft wie, yn it bysûnder yn ferhâlding ta oare dielen fan de Republyk, Hollân foarop. Dy fan de Republyk as gehiel jouwe De Vries en Van der Woude.<sup>3</sup>

### **Ynwennertal**

Oan de groei fan it ynwennertal is te sjen dat de Gouden Iuw ekonomysk in bloeitiid west hat. Nea is de befolking yn wat no Nederlân is, sa hurd tanommen as tusken 1500 en 1650. Yn dy jierren ferdûbele it ynwennertal.



In fleurich jong Fryslân. Titelprint fan de *Friesche Lust-hof* (1621) fan Starter. Links de staten fan de âlde adel, rjochts it hof fan de nije steedhâlder, de twa gesichtsbepalende machten yn Fryslân.

Ear't dat wer barde, moast it 1875 wurde. En as gefolch fan dy sterke groei bleau it ynwennertal yn de earste desennia dêrnei op in heech nivo, te heech om troch de minder wurdende ekonomy droegen wurde te kinnen.

It wie, om dêrnei te begjinnen, in groei tsjin hege stjerte yn. It is mar al te bekend hoe endemysk oft de pest doe wie. Dy makke altyd in soad slachtoffers. Om de safolle jier wie der wer in nije epidemy. Folle is der oars net oer skreaun. It begong foar wat it tiidrek fan dit boek oangiet, al yn 1599. Dirck Jans, de bekende Biltboer, skreau doe, dat der op in soad plakken pest wie. Yn Frjentsjer waarden yn july en augustus dat jiers mar leafst twa pest-dragers oansteld. Furmerius neamt dat yn 1603 twatûzen lju te Snits oan de pest stoaren en yn Ljouwert njoggenhûndert. Yn 1636 stoaren yn Ljouwert in skoftlang alle wiken twahûndert lju en yn de doarpen navenant. Tweintich jier letter, yn 1656, stoaren der te Ljouwert de iene wike 278 lju en de oare 163 en op ien dei sels 80. Guod fan minsken dy't oan de pest



stoarn wienen, mocht yn seis wike net ferkocht wurde, de dûmnys waard opdroegen 'hare Praedicaties en gebeden te schikken tot afwending van de Pest' en in rjochtdei waard om de sykte trije wike útsteld. Yn 1666, it jier dat de pest foar it lêst yn ús lân hearske, moasten yn Ljouwert liken binnen trije dagen begroeven wurde en waard froulju ferbean om nei de begraffenis te gean. It sil yn oare stêden net oars west hawwe. Yn Frjentsjer waard it ferbean om yn huzen mei pest te kommen.<sup>4</sup> Dat it de lêste kear wêze soe, wie fansels net bekend. De minsken hawwe yn de hiele Gouden Iuw altyd mei de dea libbe.

Mar de pest wie net de iennichste oarsaak fan de hege stjerte. Minstens safolle slachtoffers moatte de kreamkoarts en bernesykten feroarsake hawwe, omdat dy net ien kear yn de safolle jier tasloegen, mar alle jierren weroan. Ik ha dat út letter tiid ris neigongen foar Boazum, mar ek yn de Gouden Iuw komme dy in soad foar. Rekkene fan 1820 ôf, sa die bliken, sakke pas om 1910 hinne it hege persintaazje fan bern dat foar har trettjinde stoar sterk. Wie it dêrfoar altyd tusken de 18 en de 34 en meast mear as 20, doe waard it 13 en yn 1920 11%,<sup>5</sup> noch altyd in soad fansels.

Om no op de skiednis fan it befolkingsferrin te kommen, de sifers dêr't dizze paragraaf mei begjint, sprekke noch mear, as men rekkenet dat de groei tusken 1500 en 1650 foaral yn de hûndert jier tusken 1550 en 1650 west hawwe sil, en mooglik sels foaral tusken 1550 en 1600. Dat moat ûndersteld wurde, want min of mear eksakte befolkingsifers tusken 1500 en 1650 binne der fan de Republyk net, mar it kin oannimlik makke wurde krekt oan it foarbyld fan Fryslân. It befolkingsferrin dêr rûn oant 1900 nammentlik moai lykop mei dat yn hiel Nederlân. It makke der fan 1500 oant doe ta in 7% of wat mear fan út.<sup>6</sup> Dat jildt fansels net foar elke stêd of streek. Tusken 1570 en 1600 ferdûbele de befolking fan Amsterdam bygelyks nei 60.000, mar tsjin 1670 wienen der al 220.000 ynwenners. Dêrby ferlike, sa sil daliks bliken dwaan, bleau Fryslân nei 1600 suver stilstean.

Ek al binne der dan gjin totaalsifers oerlevere, omfang en groei fan de befolking is wol wat oer te sizzen, al moatte de sifers foar in grut part rûsd wurde. Faber hat it tal ynwenners fan Fryslân yn 1660 skat op 147.000 oant 169.000.<sup>7</sup> De Vries hat op grûn dêrfan it befolkingsifer fan 1650 steld op ca. 150.000. Eksakte sifers binne der net. Yn de tiid sels, te sizzen yn 1636, wurdt it 'bij maniere van voorslagh' op 200.000 steld.<sup>8</sup> It ferskil is sa grut, dat it werklike tal grif boppe de 150.000 lein hawwe sil. Hast de helte fan dy 150.000 lju wenne neffens De Vries yn de alve stêden en de fyftjin grutste doarpen. Dat wienen De Jouwer, De Lemmer, Balk, Koudum, Molkwar, Wâldsein, Makkum, Grou, Aldeboarn, De Gordyk, It Hearrenfean, Drachten, Burgum, Kollum en Surhústerfean, op Makkum nei allegearre

dus plakken op sân en fean. Dy lokaasje wie gjin wûnder, want de stêden leinen suver allegearre op de (rike) klaai. Dat wienen al yn de lette midsiuwen belangrike sintra wurden. Dat dy fjirtjin derby kommen wienen, lit moai sjen hoefolle oft de agraryske produksje op sân en fean neitiid tanommen wie. De boeren moasten har produkten tichteby kwyt kinne.

Botte grut wienen dy 26 plakken net. Folle mear as in ôfsetsintrum foar de boeren wienen se net. In eigen dynamyk ûntwikkelen se net. Trochinoar, sa leart in simpele rekkensom, hie elk mar in 2500 ynwenners. Safolle ferskilden se dus net fan al dy oare, lytsere en lytse doarpen, dêr't se it sintrum foar wienen. Se bleaunen ek lykas al dy oare doarpen, diel útmeitsjen fan de gritenij en hienen dus bestjoerlik neat of net folle yn te bringen. De grytman wie de baas.

Ljouwert wie it iennichste plak yn Fryslân dat yn 1650 mear as tsientûzen ynwenners hie. Mei syn fyftjintûzen wie it ien fan de lytsten ûnder de 21 stêden yn de Republyk mei mear as tsientûzen ynwenners. Ek eksintrysk lykas Ljouwert leinen Maastricht, Grins en Middelburg, mar dy hienen respektyflik achttjin-, tweintich- en tritichtûzen ynwenners. Ljouwert wie dus net echt in machtich sintrum yn it gewest. De oare fjirtjin stêden mei fyftjintûzen of mear ynwenners leinen op Utrecht en Den Bosch nei allegearre yn Hollân, dat is te sizzen fan Alkmaar en Inkhuzen yn it noarden oant Rotterdam en Dordrecht yn it suden. Sy hienen tusken de 15 en de 38 tûzen ynwenners, mar Leiden mei syn 67 tûzen en foaral Amsterdam mei syn 200.000 rûnen dêr noch wer fier boppe-út.<sup>9</sup> Fryslân wie dus ek yn de santjinde iuw in agraryske provinsje, hiel oars as Hollân.

Mar dochs hie Fryslân yn koarte tiid in grutte sprong yn ynwennertal foarút makke. De groei fan dy flekken wie noch mar resint, sa moat men wol begripe út it feit dat yn 1550 yn in opneaming fan grutte plakken bûten de stêden allinnich Kollum en De Jouwer út it niisneamde rychje noch mar neamd waarden. De beide oaren dy't doe neamd waarden, wienen de klaaidoarpen Berltsum en Wurdum.<sup>10</sup> Men merkt it ek dúdlik by Winsemius yn syn *Chronique* fan 1622. Ik helje de sprekendst ûnder wurden brochte foarbylden fan resinte groei dêrút oan. Dat binne trije. It giet om Makkum, De Jouwer en It Hearrenfean. De Jouwer krige oars al yn 1466 in wykmerk. Lykas Kollum hie it om 1622 hinne mear nearing as de stêden Drylts, Sleat, Starum, Hylpen en Warkum.<sup>11</sup> Oer Makkum skriuwt Winsemius:

welcke Vleck van groote neeringe, handel ende voorspoet is, van waer de Schepen van Bolswert ende elders na Engelandt, Hamburgh ende Bremen in Zee loopen, ende de Licenten betalen, alsoo dat teghenwoordich over

de 100 Kalck-Ovens buyten de Pannewercken ende Steenwercken aldaer ghevonden worden, waer af meer dan 300 Huysghesinnen haer zijn generende.

Dat wie dus yn 1622. Yn 1643 wie der noch mar ien skoalle ‘in dese groote aenwassende plaetse’ en dêrom fregen de yngesetenen de grytman tastimming om út de saneamde doarpsdaalder (dat wie in belesting) in skoalmaster bekostigje te meien om ‘die jeucht, die bij honderden te tellen sijn’ te ûnderwizen.<sup>12</sup>

Oer It Hearrenfean skriuwt Winsemius:

Daerom [troch de feangraverij] het Vleck Heerenveen oock seer aenwast ende toeneemt in neeringhe ende welvaren, alsoo dat inden Jare 1620 daer meer als 25000 Guldens op een Jaer verbout sijn.

In kenmerk fan dy stêden en flekken wienen har jier- en wykmerken. Winsemius neamt se hieltyd wer. Ek yn lytsere plakken kamen se trouwens yn it begjin fan de santjinde iuw op. Yn itselde jier 1622 hienen Deputearre Steaten it oer de jiermerken,

die naest eenige weijnige Jaren herwaerts hier te Lande ingecropen ende alomme opgerecht sijn.

De grytmannen krigen opdracht nije jiermerken te ferbieden,<sup>13</sup> mar dat sil net slagge wêze. Yn 1639 waarden al merken yn 39 plakken opjûn en dat oantal woeks oant 53 yn 1653 en 67 yn 1721.<sup>14</sup> Dy jiermerken sille doe oars wol meast ‘kermissen’ west hawwe.

Oft de befolkingsgroei yn Fryslân stadichoan gongen wie of mei sprongen, is min te sizzen. 1689 is pas it earste jier dêr’t yn Fryslân befolkingsoantallen fan bekend binne. Wol is dúdlik dat dy groei al yn de sechstjinde iuw grut west hat. Ljouwert hie yn 1511 852 huzen en yn 1606 1990. Harns waard yn 1543 en 1579-’80 oant twa kear útlein, al skriuwt Winsemius de groei dêr ta oan de tarin út oare Nederlânske gewesten fanwegen leauwe of oarloch. In selde byld fan hurde groei yn de twadde helte fan de sechstjinde iuw jout Snits. Snits is de iennichste stêd yn Fryslân, dêr’t in betrouber befolkingsifer fan foar 1689 fan bekend is. De stêd hie yn 1689 4370 ynwenners en yn 1621 4629.<sup>15</sup> It tal wie dus sakke. Op grûn fan it tal fan 1713 hús-skoarstiennen dat de stêd yn 1606 hie, soe de befolking fan dat jier op 4282 skat wurde kinne.<sup>16</sup> It moat yn 1602 heger west hawwe, want neffens Furmerius stoaren yn 1603 mar leafst 2000

minsken yn Snits.<sup>17</sup> Yn 1552 wurdt it tal ynwenners yn Snits noch mar op tusken de 1700 en 1900 skat.<sup>18</sup> De oantallen nije boargers, dy't op in pear jier nei oer de hiele perioade fan 1500 oant 1700 fan de stêd oerlevere binne, is oan te sjen dat de groei hiel sterk west hat tusken 1580 en 1610 en yn it bysûnder yn de lêste tsien jier. Doe kamen gjin trijehûndert lju nei de stêd, lykas tusken 1590 en 1600 en tusken 1610 en 1620, mar omtrint fiifhûndert. De grutte taname yn dy tsien jier fan 1600 oant 1610 soe ferbân hâlde kinne mei de hege stjerte yn Snits. Nei 1610 is it tal like hurd sakke as dat it earder tanommen wie. Ek op grûn fan dat ferrin liket de groei dus doe ôfflakke te wêzen. In skerpe achterútgong wie der fan 1650-'60 ôf.

Yn de twadde helte fan de santjinde iuw stagnearre de befolking. Der is oars wol ferskil yn lânstreek en tusken stêd en plattelân. Tusken 1689 en 1714 (oare sifers binne der net) is it oantal ynwenners yn de feanstreken sakke en op de sângrûn tanommen. Yn de stêden en de rest fan de provinsje bleau it min of mear stabyl.<sup>19</sup> En der kin ek wol wat oars oan de hân west hawwe as stagnaasje. Boazum is oan te sjen dat de groei dêr noch trochgong oant likernôch 1685.<sup>20</sup> Dat is fan oare streken yn Fryslân net útsocht, mar ik sjoch gjin reden om te tinken dat it dêr oars west hat. As dat yndied algemien west hawwe soe, dan jildt de situaasje tusken 1689 en 1714 dus net foar de lêste desennia foarôfgeande oan 1689. By de achterútgong fan de ekonomy dy't him fan ca. 1650 ôf ôftekenet, kaam fan dat jier ôf dan noch lykas yn Boazum tritich jier lang it probleem fan oerbefolking. Der waard doe in soad by elkoar ynwenne, al of net yn in aparte keamer. Dat wie de wrange erfenis fan de echte Gouden Iuw.

## Wolfeart

De Gouden Iuw draacht syn namme net om 'e nocht. It is de iuw wêryn't de stêden it oansjen krigen dat it lân no noch altyd sa oantreklik makket. Ien fan dy stêden is Harns. Obe Postma is it santjinde-iuwske dêr net fan ûntkommen:

De reade liuwen parearje noch by de brêge, mar Tsjerk Hiddes stiet as nije  
stiennen man oan 'e havenkant.

Tsjerk Hiddes, Tromp, De Ruyter!

En wêrom hawwe hja de sifers 16 hûndert set op al dy moaie pakhuzen?

(út: 'Te Harns')

It binne foaral de oaniensletten rigen fan grutte huzen dy't noch altyd ymponearje kinne, mar dat dogge ek karakteristike losse gebouwen as de



stedhuzen fan Frjentsjer (1591) en Boalsert (1614) en de Waach yn Ljouwert (1595). Ek de like ymponearjende kop-hals-romppleatsen op it plattelân binne santjinde-iuwsk.

It grutste part fan de Gouden Iuw hat yn Nederlân in tiid fan bloei west. De eigen ekonomy fan Fryslân wie basearre op de bloeiende lânbou, net op it ûntstean fan ynternasjonale hannelssintra, lykas yn Hollân mei Amsterdam en Rotterdam it gefal wie. Troch de sterk groeide produktiviteit fan de lânbou koe tusken 1511 en 1650 benammen yn de stêden en grutte doarpen de befolking tige tanimme,<sup>21</sup> mar dat barde ek yn lytsere doarpen.<sup>22</sup> Wurdt rekkene dat yn 1511 85% fan de plattelânsbefolking yn Fryslân boer of komelker wie,<sup>23</sup> yn 1640 sil dat net mear as 60% west hawwe.<sup>24</sup> De measten fan de grutte plakken leinen op in pear oeren ôfstân fan elkoar, elk op in eigen part fan it plattelân mei syn eigen boeren. Se tanken har bestean as plakken fan hannel en fersoarging suver allegearre oan har sintrale lizzing. Ljouwert wie it sintrum, dêr rûnen sûnt de Saksyske tiid de grutte farwegen út Boalsert, Harns, Snits en Dokkum hinne en dêr waarden yn neifolging fan Hollân yn en om de jierren fjirtich foar fluggere ferbiningen

It stedhûs fan Frjentsjer, twa tiden, twa smaken: it fleurige haadgebou út de jierren 1591-1594 en de strange oanbou út 1760. De massiviteit is weiwurke yn in ryk ferskaat oan yndieling, fersiering, materiaal en kleur. It wapen fan Saksen boppe de doar soe noch út it âlde gebou wêze kinne, dat foar in part stean bleaun is. Frjentsjer hie it regearingssintrum fan de Saksers west. De beide wapens dêrûnder binne fan Fryslân en de steedhâlder. De ûntwerper is net bekend.



Byld fan Fryslân as agrarysk gewest mei pleatsen en yntinsive ferkaveling yn perselen. De foto is fan inkele jierren lyn, mar it byld is sûnt de santjinde iuw amper feroare. Part fan de Leonserpolder yn de rjochting fan Jorwert.

trekwegen bylâns lein. Dy waarden betelle troch Boalsert (1638), Harns (1646), Dokkum (1647) en Snits (1661). Warkum lei yn 1649 in trekpaad oan nei Boalsert, Dokkum yn 1656 ien nei de Strobosser trekwei nei Grins. Fryslân waard dêrmei ek makliker berikber foar lju fan bûten de provinsje.<sup>25</sup> De eksploitaasje wie lykwols faak in toer.

Hoefolle oft fan fee en lânbouprodukten as bûter, tsiis en nôt útfierd waard nei Hollân, is net bekend, mar de fraach yn Fryslân sels moat ek grut west hawwe. Allinnich de pear plakken oan see hienen har groei mear oan skipfeart en oerslachfunksje te tankjen. De skipfeart wie ôfhinklik fan de wolfeart yn Hollân. It maklikst is dat te sjen oan de rappe ûntwikkeling fan de Suderseeplakken yn de Súdwesthoeke. Hylpen is it dúdlikste foarbyld, mar ek Molkwar hie doe in bloeiende skipfeart. Dy tanken se oan it faren foar Amsterdamske reders, dat te'n koste gong fan Hoarn, Inkhuzen en Medemblik. De omslach wurdt sichtber yn de jierren tweintich.<sup>26</sup>

Fan dy plakken hie Harns wat fan in eigen dynamyk, mei in eigen hannel op Noard-Nederlân en lannen oer see. Winsemius neamt yn 1622